

Frede

doe't de frede útbruts, wie de himel sa helder
en de minsken dy tochten: och hea
dy frede is wol wakkere prachtich
mar it falt jin sa frjemd op 'e lea

gjin fijân mear om tsjinôf te setten
gjin skieding fan goed en ferkeard
gjin aksjes mear tsjin bom en raketten
protestlieten reitsje ferleard

soldaten bin no ynienen ek wurkleas
en de útkearings bin al sa djoer
tanks en kanonnen kin by it âld izer
en dat smyt hast neat op, noch gjin stoer

krusers wurde ferboud om te fiskjen
en dûkboaten komme foar't ljocht
yn Marsum wurde se gek fan de stilte
sûnt der net mear in straaljager fljocht

de beurs sakket yn, belesting wurdt heger
politisy krije gelyk
ús ekonomy driuwt op oarloch en leger
en fral op 'e wapenfabryk

dus gau mar wer los mei dy wapenproduksje
want oars is der neat oan te dwaan
der falt altyd wol in fjoerke te stoken
fier fuort yn Irak of Iran

sa kinne wy de frede oerwinne
de krisis komt sa ta in ein
en kinne wy hjir yn wolfeart wer libje
troch Khadaffi en Sadam Hussein